

Algemeine Ledegearkomste fan de Fryske Nasjonale Partij

Digitale gearkomste mei ZOOM en op lokaasje by Annage, Earnewâld,

op sneon 27 novimber 2021 om 14.00 oere,

Ferslach:

- 1) **Iepenjen, meidielings en it fêststellen fan de wurklist:** Foarsitter Wouter Wouda hjit elkenien fan herte wolkom by dizze digitale AL fan de FNP. Spitigernôch troch Koroana kin it wer net fysyk. Dit is in hybride gearkomste, it Haadbestjoer en in pear oare politisy sitte wol yn Earnewâld op “gepaste” ôfstân fan elkoar. De wurklist wurdt fêststeld, de Begrutting wurdt no net behannele, dat punt giet fan de wurklist ôf.
- 2) **Fêststellen ferslach AL 29 maaie 2021:** It ferslach wurdt fêststeld.
- 3) Der leit in **útstel om it Griene Boekje oan te passen** oangeande it Ledejild. De leden hawwe yn't foar dit útstel te lêzen krigen:

*FNP GRIENE MAP HAADSTIK 2: BESTJOER
DOKUMINT REGLEMINT YNBARREN LEDEJILD*

Kêst 12

Kontribúsje jongereinleden:

Oant en mei 17 jier: Fergees lid, folweardich lid, mei noch net stimme

Fan 18 jier ôf oant en mei 21 jier: Fergees lid, folweardich lid, mei wól stimme.

Fan 22 jier ôf: Beteljend en folweardich lid.

De leden dy't lid wurde binne mei de karbydaksje fan mid desimber 2020 ôf, of letter regulier yn 2021 (oant 27 novimber 2021 ta), bliuwe fergees lid oant harren 25e jierdei. It jier derop wurde hja dan beteljend lid. Sa as de aksje tasein hat.

Fan leden dy't noch net stimme meie, wurdt wakker op priis steld dat hja wol meidogge oan diskusjes en petearen.

It útstel wurdt nochris útlein, der folgje wat fragen fan leden, der folget in stemming en de wiziging wurdt mei in rûme mearderheid fan stimmen oannommen.

4) Nijs fan de Steatefraksje, romte foar fragen:

Wopke en Sijbe skowe oan. Wopke: Nota Greidefûgels is oannommen. Ambysje is om de kommende jierren nei mear as 1000 pear skriezen te kommen. Liket goed. Jo kinne de natuer net twinge, manifest is ûndertekene mei meardere partijen en organisaasjes. Sinjaal jûn troch in moasje dat greidefûgelgebieden net ferlein wurde. Dit is wol net oannommen mar it sinjaal is jûn.

Mei in soad opposysjepartijen is in ynisjatyfútstel klearmakke oer it gebrûk fan pestisiden op provinsjale grûn, en dat hat it helle. It CDA kaam mei in amendemint oer de eindatum 2030 en hat dêrtroch foar it foarstel stemd.

Der komt in fraach oer de Warren, mar dy kin sûnder oerlis mei it Wetterskip noch net beändere wurde.

Sijbe: Wentebouplan, Deltaplan foar it Noarden; wat betsjut bouwe nei aard en skaal? Om framing foar te kommen is it oanfalsplan Wentebou makke. Sijbe leit út hoe't dit hjir en dêr oppakt en fallen is.

Der wie ôfrûne woansdei wat ûnfrede yn de Steaten by PS, it wie in emosjoneel debat. It gong oer de Koroana maatregels. FvD is in nije partij yn de Steaten, hiel lang hat de FNP harren útspattingen gean litten, mar no hat de FNP in grins lutsen. De meast fatsoenlike partijen hawwe inoar wol fûn.

Sijbe: Oer it evenemintebelied, de fergunningferliening, wie it goed dat de FNP hjir noch lûd oer makke. En is it hiele stik ynlutsen troch GS.

5) Bestjoersferkiezing: ôfgeand en net wer te kiezen: Jaap Cuperus. Jaap hat hast 9 jier HB lid west en syn termyn rint no ôf. (Jaap komt oan tafel sitten, yn byld) Wouter sprekt in wurd fan grutte tank oan Jaap foar al it krewearjen fan him foar it Haadbestjoer, en de FNP. Wy sille him misse. Jaap krijt sels ek noch it wurd. Der is noch gjin definitive opfolging foar Jaap, mar it HB is der mei dwaande.

6) Skoft (10 minuten). Yn dit skoft geane Wopke, Rein en Wietske fuort út de gearkomste om nei de Ledegearkomste/Listfêststelling fan ôfdieling Achtkarspelen te gean.

7) Gemeenteriedsferkiezings 16 maart 2022: Wa't fragen hat, kin altyd by it HB terjochte. De PR kommisje soarget foar in moaie promoasjefilm en banners (Omrop).Tema's: Wenjen, lânskip, taal, wize fan libjen. It stappeplan is ferspraat. Jaskes binne besteld y.f.m. de maten. PR guod is fan no ôf beskikber.

8) **Werom sjen op de besite oan ús EFA freon SSW** (Südschleswigscher Wählerverband): In delegaasje fan de FNP fan ferskate gremia hat nei Dútslân west. Us susterpartij hat it foar inoar krigen om in sit yn de Bundestag te heljen. Dêrom hat de FNP der hinne west om ynspiraasje op te dwaan foar eventueel harren eigen wei nei de 2e Keamer, en om te netwurkjen. Sijbe fertelt oer de reis en de oanrin der nei ta. Frank de Boer hat organisearre. De SSW hat deselde mentaliteit as ús, fertelt Sijbe. De SSW advisearret: Bliuw ticht by jimsels. Der wurdt frege hoe't wy ta in beslút komme oangeande de 2e Keamerferkiezings: De leden beslisse. Der is in wurkgroep op dit stuit en hjir leit al in memo fan. Miskien komt der in ekstra AL om ien en oar foar te lizzen oan de leden.

9) **Nijs fan it Wetterskip:** Yde fertelt wiidweidich oer de wurksumheden fan it wetterskip. Roerige bestjoersbyienkomst oer begrutting, Politike diskusje oer de safolle lêste prosinten + kwytskelding minima. Der binne 3 haadtaken: Feiligens, kwantiteit en kwaliteit fan wetter. Seediken hawwe mear oandacht noadich. Mei 300 miljoen is it grutste projekt foar it wetterskip ea, fan 'e wike goedkard. FRL moat 10% betelje. Peasens-Moddergat/Wierum: Binnendyks is gjin romte foar ferbreiding, yn oparbeidzjen mei oare partijen is it slagge om ûndersykje te litten oft de ferbreiding ek bûtendyks plakfine kin. Wetterkwaliteit: Doel is om foar 2027 de wetterkwaliteit yn Fryslân en Nederlân te ferbetterjen. Hjir is foar stimd. It is wol dreech om 2027 te heljen, de trajekten binne swier. Swimkwaliteit De Leien/Burgumermar: Hjir wurdt in DNA ûndersyk ynsteld om der efter te kommen wêr't de problemen no echt weikomme. Fryske Boezem: Mear fleksibiliteit, mear sa eartiids. Hast gjin wanklank hân doe't dit eefkes nedich wie, it is better foar de natoer. Jan Hiemstra: Hoe komt it mei de "gebonden" sitten binnen it wetterskip? Yde: Dizze fraach is faker steld. De advyskommisje advisearret om hjir mei op te hâlden. Mar jammergenôch is der noch hyltyd gjin kabinet, de ferwachting is wol dat at der in kabinet is, hjir in beslissing oer falt. De ferwachting is 2023, mar realistysker is 2027.

10) **Omfreegjen:**

(Fraach oan Yde, Wetterskip) Ate Eijer: Wat dogge jim oan de oanpak fan de grutte wetternavel?

Yde: Dêr binne wy ferskriklik mei oan, en hawwe der in protte kosten fan. De oanpak fan dizze eksoat/woekerplant is in mienskiplike taak fan Provinsje, Wetterskip en grûneigners. Itselde probleem spilet by de Japanse Duizendknoop en de bereklauw. It wetterskip sit der boppe op, mar it kostet miljoenen. Dit sil ek ynfloed hawwe op de wetterskipslesten. It is in dilemma; mear natuerlik behear om bisten en planten in kâns te jaan en de bestriding fan de eksoaten.

Wouter: De Nijjiersgearsit giet yn 2022 oer. It jubileum FNP 60 jier fiere foar de simmer 2022. De leden krije noch berjocht hoe't it komme sil.

11) **Sluten:** Foarsitter tanket elkenien foar de ynset en slút de Algemiene Ledegearkomste.